


Rûteplanner Spoar 8 groep 5 - Frysk

De Rûteplanner wiist dy it paad
troch dyn Fryske lessen!



Rûte groep 5

oersjoch fan lesmominten en ûnderdielen

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
1	Taalaktiviteit	Dit bin ik - De learlingen meitsje in miny-tentoanstelling oer harrensels.	Harkjen A1 Sprekken A1/A2
2	GRIP	OpstapFrisia - wurdskattoets	
3	Staving en Skriuwen	f en Meunstertún	
4	Boekles	It leafst bin ik in fûgel - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/B1 Yn petear A1/A2
5, 6, 7, 8	Projekt	Ynspiraasje genôch - De learlingen meitsje in keunstwurk by in (printe) boek. Mei yndividuele opdrachten.	Lêzen A1/A2 Sprekken A2
9	Staving en Skriuwen	s en Meunstertún	
10	Taalaktiviteit	Dit is myn seizoen - De learlingen meitsje in alfke oer harren favorite seizoen.	Skriuwen A1/A2
11, 12, 13, 14	Projekt en observaasje	Ik hâld fan de seizoenen - De learlingen hâlde in moadeshow mei klean dy't passe by harren favorite seizoen. - It observaasjeinstrumint 'Mûnlinge presintaasje' kin ynset wurde	Sprekken A1/A2
15	Staving en Skriuwen	g en Meunstertún	
16	Boekles	Bartele Bûse - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/A2 Yn petear A1/A2

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
17, 18, 19, 20	Projekt	Dit is myn sport - De learlingen prate mei-inoar oer ferskillende sporten. Mei yndividuele opdrachten.	Yn petear A1/A2
21	Stavering en Skriuwen	ch en Meunstertún	
22	Taalaktiviteit	Alle gear famylje - De learlingen meitsje in famyljeportret nei oanlieding fan in tekst.	Lêzen A1/A2 Yn petear A1/A2
23, 24, 25, 26	Projekt	Wêr boarten pake en beppe mei? - De learlingen meitsje in beskriuwing fan boartersguod fan doe. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2 Yn petear A2
27	Stavering en Skriuwen	ú en u en Meunstertún	
28	Taalaktiviteit	Kribelbisten - De learlingen leare oer lytse bistjes en dogge in spultsje.	Harkjen A2 Yn petear A1/A2
29	Grip	Lêsbegryp - toets ein groep 5 - A2.1	
30	Stavering en Skriuwen	û en oe en Meunstertún	

- Taalaktiviteit
- Projekt
- Lêsaktiviteit: Boekpromoasje
- Stavering en skriuwen
- Evaluaasjemomint

* Oan dizze taaldomeinen en nivo's wurdt meinammen wurke. De doelen en nivo's kinne per groep en sels per learling ferskille. Tips hjirfoar wurde jûn yn de hantliedingen by de ûnderdielen. Om't taal altyd oer mear giet as de taal, wurdt ek wurke oan doelen foar oare fakgebieten.

Taalaktiviteiten

1 Dit bin ik

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen meitsje in miny-tentoanstelling oer harrensels.

Tiidpaad

- Yntroduksje en útlis fan de aktiviteit: 15 minuten
- Ynrjochtsjen fan de miny-tentoanstelling en tarieding presintaasje: 45-60 minuten
- Presintaasje: ôfhinklik fan de grutte fan de groep en de foarm fan presintearjen

Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen sammelje alderhande dingen en fertelle oan 'e hân fan dy dingen oer harrensels (Sprekken/A1/Kin him- of harsels beskriuwe en Sprekken/A2/Kin wat fertelle).
- De learlingen harkje nei de ferhalen oer inoars miny-tentoanstellingen (Harkjen/A1-A2/Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe en Harkjen/B1/Kin koarte praatsjes begripe).

Tarieding

- Plan yn elk gefal twa mominten yn foar dizze taalaktiviteit (sjoch 'Tiidpaad'). Dizze taalaktiviteit past net yn ien lesmomint, om't de learlingen eefkes de tiid ha moatte om materialen te sammeljen foar de tentoanstelling.
- Sykje as learkrêft in oantal foarwerpen dy't wat oer dysels fertelle en nim dy mei yn de klasse. It is it moaist as dat ferskillende soarten dingen binne. Bygelyks in foto, in foarwerp dat past by in hobby en in foarwerp dat wat persoanliks fertelt. Sa wurde de learlingen ynspirearre om nei te tinken oer ferskillende foarwerpen en ûnderwerpen.
- Tink nei oer it sammeljen fan it guod. Is der in plakje dêr't de learlingen harren foarwerpen salang bewarje kinne?
- Tink nei oer de organisaasje fan de ôfsluting. Wêr kinne alle miny-tentoanstellingen útstald wurde? Presintearje alle learlingen op deselde dei of wurde de presintaasjes ferdield oer mear dagen? Presintearje de learlingen oan de hiele klasse of presintearje se oan lytsere groepen? Yn it lêste gefal kinne der mear presintaasjes tagelyk wêze.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.

Wat witte learlingen fan tentoanstellingen? Ha sy wolris by in tentoanstelling west? Yn in tentoanstelling litte keunstners, musea of galeryen sjen wêr't sy mei dwaande west ha. Se kieze de bêste, moaiste of belangrykste dingen út en nûgje publyk út om de tentoanstelling te besjen.

2. Utlis fan de aktiviteit.

Fertel de learlingen dat sy in miny-tentoanstelling meitsje sille oer harrensels. Wat soene se fan harrensels sjen litte wolle? Sitte sy op in sport? Ha sy in favoryt boek? Is der boartersguod dêr't sy it alderleafst mei boartsje? Ha se in bysûnder sûvenir fan in moaie fakânsje? Wat sy tentoanstelle wolle, moat op harren eigen tafel passe. Harren ponny kin dus bygelyks net mei, mar in foto fan de ponny of in hantsje biks wol. Lit ek de eigen meinommen foarwerpen sjen. Fertel koart wat oer dysels en oer de foarwerpen. Wêrom hearre dy by dy? Fertel de learlingen dat sy op dy manier ek oer harrensels en oer harren foarwerpen fertelle sille. It fertellen giet yn it Frysk. As de learlingen muoite ha om te betinken wat by harren heart, jou se dan de tip om ris oan in freon, freondinne of harren heit of mem te freegjen wat sy fine dat goed by dy past. Ast tefolle betocht hast, tink dan ris goed nei oer wat echt belangryk is. Sa docht in keunstner it ek as er syn tentoanstelling gearstalt.

3. Ynrjochtsjen fan de miny-tentoanstelling en tarieding op de presintaasje.

Dit kin pas as de learlingen guod hawwe dat sy brûke wolle foar harren miny-tentoanstelling.

Help de learlingen mei it ynrjochtsjen fan de tentoanstelling. Wat past wol en wat past net? Lit de learlingen betinke wat sy fertelle wolle. It fertellen giet yn it Frysk. By nivo * is it foldwaande om yn fêste koarte sinnen te fertellen oer harrensels en oer it meinommen guod. Help de learlingen mei dy Fryske sinnen. Foarbylden dêrfan: 'Ik bin ...', 'Ik wenje ...' 'By ús thús binne wy mei ...', 'Dit is...', 'dat brûk ik om ...', 'Dit is in foto fan ...', 'Dit past by my, omdat...'

By it wurkjen op nivo ** fertelle de learlingen mear oer de foarwerpen en wêrom't dy spesjaal foar harren binne. It wurdt dan net allinne in feitlike beskriuwing fan it foarwerp, mar in mear persoanlik ferhaal. Bygelyks: 'Dizze stien ha ik fûn doe't ús beppe noch libbe en ik mei har te kuierjen wie yn 'e bosk' of 'Dizze want ha ik krekt krigen om te keatsen en no kin ik folle fierder slaan as earst.'

Op nivo *** fertelle de learlingen mei noch mear detail oer de foarwerpen en oer hoe't dy by harren passe. De presintaasje bestiet no net mear út losse sinnen, mar foarmet in mear gearhingjend ferhaal.

Help de learlingen as dat nedich is mei harren ferhaal.

4. De learlingen presintearje harren miny-tentoanstelling.

Dogge se dat foar de klasse of yn in rinnende presintaasje? Komt der noch mear publyk?

5. Besprek de opdracht nei.

Praat mei-inoar oer de opdracht. Dizze fragen kinne dêrby helpe: Hoe wie it om in tentoanstelling oer jimsels te meitsjen? Hoe hast betocht watst wol en watst net sjen litte woest? Wat witte jim nei de tentoanstelling fan inoar dat jim earst noch net wisten? Hoe gie it mei it Frysk? Koene jim de goede wurden fine?

Differinsjaasje

- Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluaasje'.

- Nivo *: De learlingen sykje foarwerpen of materialen dy't by harrensels hearre en rjochtsje dêr in miny-tentoanstelling mei yn. Se fertelle yn koarte standertsinnen oer harrensels en oer wat se meinommen hawwe. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: De learlingen rjochtsje de tentoanstelling oer harrensels yn en fertelle mear persoanlik oer de foarwerpen dy't se meinommen hawwe. Der wurdt dan ek wurke oan de doelen Sprekken/B1/Kin fertelle oer foarfallen en dêrby gefoelens en reaksjes beskriuwe en Sprekken/B1/Kin details taljochtsje, saken útlizze en taljochtsje.
- Nivo ***: De learlingen fertelle mei mear detail in mear gearhingjend ferhaal oer de foarwerpen dy't sy sjen litte yn de tentoanstelling. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek wurke oan Sprekken/B2/ Kin gearhingjende ferhalen fertelle en Sprekken/B2/Kin ferslach dwaan fan ûnderfiningen en foarfallen.
- Besjoch per learling op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne. Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.
- Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gear en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.
- De learlingen kinne ek sels wat meitsje dat sy tentoanstelle. De taalaktiviteit wurdt dan keppele oan de kreative fakken.
- Mei dizze taalaktiviteit wurdt ek wurke oan doelen op it mêd fan sosjaal-emosjonele ûntwikkeling en sels filosofy. Learlingen tinke nei oer harrensels: wa binne sy, wat fine se belangryk, wat wolle se wol of net diele, wat past by harren en hoe is dat by oaren? Is it iene better as it oare?

Mear by dit tema

- It ferske 'Dyn talint'.
- Fragmint út Tsjek: 'Dyn identiteit'
- Koarte tekst: 'Do likest op...'
- Dizze en mear materialen dy't by it tema passe, binne te finen yn de Temateek by de tema's 'Uterje dysels' en 'Sjoch om dy hinne'. Tip: brûk it sykfjild.

Evaluasje

It observaasjeinstrumint 'Mûnlinge presintaasje' kin by stap 4 ynset wurde.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

2 Frisia Opstaptoets

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Frisiatoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

Foar wa?

- De Frisia Opstaptoets is geskikt foar (ein) groep 4 yn it basisûnderwiis. De toets kin ek brûkt wurde as ynstaptoets foar groep 5.

Organisaasje

De toets bestiet út 22 fragen en duorret 15-30 minuten. Fan de fjouwer antwurden is der hieltyd ien antwurd goed.

Let op: lit nei it ôfnimmen fan de toets nét de goede antwurden oan de learlingen sjen. Oars kin de toets net brûkt wurde foar in ferfolchmjitting. Jou dêrom allinnich oan wat it persintaazje goede antwurden is of it referinsjenivo.

Evaluasje

De Opstaptoets toetst oft de basiswurdskat op it referinsjenivo A1 út it referinsjeramt Frysk leit.

De noarmskoare (foar Frysktalige learlingen) is 86% goed fan de 22 fragen. Dochs kin it hiel bot fan de taalachtergrûn fan de learling(en) en it taalgebiet fan de skoalle ôfhingje wat in akseptabel nivo is.

De Frisia Opstaptoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Opstaptoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.

Stavering en skriuwen

3 De letter F

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter F hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de F hearre binne:

- In Frysk wurd begjint nooit mei in v, mar altyd mei in f.
- In Frysk wurd hat oan 'e ein nooit in v mar altyd in f.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letter F'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.
- Learlingen dy't ekstra wurk dwaan wolle, kinne de les F en V meitsje. Dêr leare de learlingen oer de f en v yn 'e midden fan in wurd.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter F

fluch	brief
ik graaf	fiif
fleantúch	frou
famke	fyts
foet	flesse

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

4 It leafst bin ik in fûgel

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze (in oantal) gedichten út de dichtbondel 'It leafst bin ik in fûgel' fan ferskillende dichters, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan de dichtbondel 'It leafst bin ik in fûgel'. De lêskonsulint fan de biblioteek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: It leafst bin ik in fûgel' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?
- Taalstipe
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de

yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.

- Meartalichheid

Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy it wurden út de gedichten ek yn harren thústaal kenne. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

Projekten

5, 6, 7 en 8 Ynspiraasje genôch

Hantlieding foar de learkrêft

Om in keunstwurk te meitsjen, hat in keunstner ynspiraasje nedich. Ynspiraasje kin oeral weikomme: út in ferhaal, út muzyk of út dingen dy'tsto meimakkest. Yn de projektopdracht by dit tema meitsje de learlingen in keunstwurk oer in Frysk (printe)boek.

Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

- **Lêzen**
(op wei nei) A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as der fisuele stipe by is
(op wei nei) A2 - Kin fiksje en literatuer belibjend lêze
- **Sprekken**
(op wei nei) A2 - Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket.
(op wei nei) A2 - Kin wat fertelle
(op wei nei) B1 - Kin in heldere beskriuwing jaan

Tarieding

- Iepenje it Projekt yn Spoar 8. Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Tink nei oer de boeken dêr't oer wurke wurdt. Binne de learlingen frij yn harren kar? Of is der in seleksje fan boeken dêr't de learlingen út kieze kinne? Of miskien wurde alle keunstwurken wol makke by ien boek dat juf of master foarlêst of dat de klasse mei-inoar lêst.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Wurkje se yndividueel of yn groepkes fan twa of trije? Kies by it wurkjen yn groepkes foar heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. De net-Frysktalige learlingen hawwe sa steun oan de Frysktalige learlingen. Watfoar materiaal meie de learlingen brûke foar harren keunstwurk?
- Betink wannear't de learlingen oan 'e slach geane. Is dat op ien fêste tiid foar alle learlingen of hawwe de learlingen tuskentoch ek tiid om oan harren keunstwurken te wurkjen? Wêr kin dat?
- As de keunstwurken klear binne, kinne de learlingen dy oan de klasse sjen litte. Is der noch mear publyk wolkom? Hoe wurdt dat publyk útnûge en wêr kin de tentoanstelling fan de keunstwurken plakhawwe?

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.
Lês dy mei-inoar troch en praat oer keunst. Wat witte de learlingen dêr al fan? Wat fersteane de learlingen ûnder keunst? Watfoar foarmen fan keunst binne der noch mear? Tink oan skilderijen en byldhouwurken, mar bygelyks ek oan poëzy en fotografy. Wat noch mear? Kenne se in keunstner? Hoe wit in keunstner wat hy of sy meitsje moat?
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de projektopdracht. Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht. It begjint mei lêzen. Jou de learlingen dêr de tiid foar. De 'Helpkaart – Mei-inoar lêze' kin helpe by it oanpakken fan de tekst. Nim dy troch mei de learlingen. Lit learlingen tegearre lêze as it Frysk lêzen lestich is. Frysktalige learlingen kinne de net-Frysktalige learlingen helpe om de tekst te lêzen en te begripen. Lûdop lêze kin helpe om de Fryske wurden te begripen. De helpkaart is te finen by dit Projekt yn Spoar 8.
3. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.
Lit earst de tekst, it ferhaal of it boek lêze of lês mei-inoar. Lit de learlingen meiinoar prate oer harren ferhaal en wat se dêr moai oan fine. Lit se neitinke oer watfoar keunstwurk oft se meitsje wolle en wêrom't sy fine dat dat by it ferhaal past. Wat joech harren de ynspiraasje?
4. Besprek de planning.
Fertel de learlingen wat sy brûke meie om harren keunstwurk te meitsjen en wêr en wannear't sy dêroan wurkje meie. Wannear moat it keunstwurk klear wêze? Hoe sjocht de tentoanstelling fan alle keunstwurken der aanst út?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it lêzen fan de tekst, oan it betinken fan in ûnderwerp foar harren keunstwurk of oan de praktyske útfiering.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Stel de keunstwurken tentoan.
Untfang eventueel it publyk dat foar de tentoanstelling komt. Lit de learlingen wat fertelle oer harren keunstwurken. Stimulearje harren om dat yn it Frysk te dwaan.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.
Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

Differinsjaasje

- De kar fan it boek dat de learlingen brûke foar harren keunstwurk kin de Projektopdracht dreger of makliker meitsje. It lêzen fan in printeboek is fanwege de yllustraasjes ienfâldiger as it lêzen fan in aventoereboek. Der kin ek keazen wurde foar gedichten om in keunstwurk by te meitsjen. Gedichten binne faak koartere teksten, mar begripe de learlingen wat de dichter bedoelt? It type boek dat de learlingen kieze, seit neat oer de ynspiraasje dy't sy dêrút helje en it keunstwurk dat sy dêrby meitsje.
- Om de klam op it Frysk lêzen te lizzen, kin der ek foar keazen wurde om mei-inoar ien boek as basis te nimmen. Troch mei-inoar te lêzen, kinne net-Frysktalige learlingen leare fan Frysktalige learlingen, en swakkere lêzers hawwe steun oan sterkere lêzers. Mei-inoar prate oer it boek, it gedicht of it ferhaal kin learlingen ynspirearje ta kreative ideeën foar harren keunstwurk.
- Mei dit projekt wurdt wurke oan doelen foar it lêzen en it sprekken. Dat lêste bart as de keunstwurken tentoansteld wurde. Foar learlingen foar wa't de praatdrompel noch te heech is, kin derfoar keazen wurde om het yn it Frysk te praten. Dy learlingen wurkje dan net oan doelen foar it sprekken, mar wol oan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch de ferhalen fan Frysktalige learlingen.
- Dit projekt kin oanslute by it keunstûnderwiis. It útnûgjen fan in keunstner yn de klasse kin ynspirearjend wurkje.

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde.

9 De letter S

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter S hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de S hearre binne:

- In Frysk wurd begjint nooit mei in z, mar altyd mei in s.
- In Frysk wurd hat op de ein nooit in z, mar altyd in s.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Staving' en kies 'De letter S'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, staving en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.
- Learlingen dy't ekstra wurk dwaan wolle, kinne de les S en Z meitsje. Dêr leare de learlingen oer de s en z yn 'e midden fan in wurd.

Let op!

It learen fan de staving stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de staving. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter S

swan	see
ik raas	faas
swimme	siik
suster	swier
souder	sebra

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

10 Dit is myn seizoen

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen skriuwe in Frysk gedicht oer harren favorite seizoen

Tiidpaad

45 minuten. It (foar)lêzen kin ek op in oar momint yn de wike dien wurde.

Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen kinne in Frysk gedicht oer harren favorite seizoen skriuwe (Skriuwen/A2/Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe).
- De learlingen kinne meielkoar oerlizze watfoar wurden by harren seizoen passe (Yn Petear/A1/Kin ynformaasje freegje of jaan, Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).
- De learlingen kinne harren eigen gedicht foarlêze en de gedichten fan oaren lêze (Lêzen/A1/Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as der fisuele stipe by is, Lêzen/A2/ Kin fiksje en literatuer belibjend lêze).

Tarieding

- Lês de foarbylden en de útlis fan trije ferskillende dichtfoarmen troch (sjoch by dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8). Meitsje eventueel sels in kar hokker dichtfoarm(en) geskikt binne foar de learlingen.
- De learlingen hawwe materialen nedich om mei te skriuwen.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it tema.

De learkrêft fertelt oer syn/har eigen favorite seizoen en leit út wêrom't dat seizoen favoryt is. Doch dat yn in goede Fryske sin (sa as: De maitiid is myn favorite seizoen om't de natuer dan wer ta libben komt. Alles wurdt wer moai grien, der wurde jonge bisten berne en de temperatuer is ek noflik.). Dat is it foarbyld foar de learlingen.

2. Prate oer de seizoenen.

Lit de learlingen oan harren skoudermaatsje fertelle wat harren favorite seizoen is en wêrom.

Se besykje dat yn in Fryske sin te dwaan. As dat dreech is, dan kinne se elkoar helpe. Ofhinklik fan it nivo fan de learlingen kin de learkrêft de Fryske nammen fan de seizoenen earst op it boerd skriuwe. Stean koart stil by wat de learlingen oan inoar ferteld hawwe.

3. De learlingen meitsje in wurdweb.

Lit de learlingen safolle mooglik Fryske wurden betinke by harren favorite seizoen. As learlingen guon Fryske wurden net witte, kinne se elkoar helpe of kinne se gebrûk meitsje

fan in wurdboek (bgl. op www.frysker.nl). De wurden kinne se aanst brûke foar it gedicht dat se skriuwe sille.

4. De learlingen beprate harren wurdweb.
Wurkje yn twatallen. Hawwe de learlingen ek tips foar elkoar? Kinne se noch mear Fryske wurden betinke by it wurdweb fan de oar? Dy wurden kinne der noch by skreaun wurde.
5. Utlis fan de opdracht.
Fertel dat de learlingen mei dy wurden in gedicht meitsje sille en lit foarbylden op it boerd sjen (sjoch de materialen by de taalaktiviteit). Yn it dokumint 'sa makkest in gedicht' steane in foarbyld fan in alfke en in haikû (in Japanske dichtfoarm) en in oantal rymskema's foar gedichten. Meitsje as learkrêft in kar watfoar dichtfoarm(en) it meast geskikt is foar de learlingen of lit de learlingen sels in kar meitsje.
6. Skriuw it gedicht.
De learlingen skriuwe no sels in gedicht mei help fan de wurden fan harren wurdweb. Lit de learlingen earst in kladferzje meitsje en it gedicht op in oar stik papier netsjes oerskriuwe of type as se tefreden binne. In tekening of yllustraasje makket it gedicht noch moaier.
7. Lês de gedichten foar.
Lit de learlingen harren eigen gedicht foarlêze. Praat mei-inoar oer de folgjende fragen:
Hoe wie it om in Frysk gedicht te skriuwen? Koene jim de goede Fryske wurden fine?
Wiene jim tefreden oer it gedicht? Oer watfoar seizoen giene de measte gedichten?
Wiene de gedichten oer itselde seizoen ek itselde? Hoe kin dat?
8. Hingje de gedichten op of meitsje der in bondel fan.
De learlingen kinne sa elkoars gedichten nochris lêze.

Differinsjaasje

- Yn de beskriuwing wurdt de mooglikheid jûn om op trije nivo's mei dizze opdracht dwaande te wêzen. De doelen op nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Suggestjes foar oanbod op nivo ** en *** binne opsjoneel en wurde dêrom net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.
- Nivo *: de learlingen skriuwe in Frysk alfke oer harren favorite seizoen. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: de learlingen skriuwe in Fryske haikû oer harren favorite seizoen. By it skriuwen fan in haikû wurdt mear frege fan de Fryske taalfeardigens fan de learlingen. Dan wurdt der wurke oan it doel Skriuwen/A2/Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe.
- Nivo ***: de learlingen skriuwe in gedicht oer harren favorite seizoen. Yn it foarbyld wurde in oantal rymskema's útlein, mar der kin ek keazen wurde foar oare foarmen. By it meitsjen fan in gedicht tinke learlingen djipper nei oer ritme en taal en wurdt der wurke oan it doel Skriuwen/B1/Kin in ferhaal of gedicht skriuwe.
- As der in soad bern yn de klasse sitte foar wa't dizze opdracht dreech is, kinne de learlingen ek yn groepkes wurkje oan ien gedicht. Dan wurdt der minder yndividueel wurke oan it doel Skriuwen/A2/Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe. Besykje learlingen dy't it Frysk as thústaal hawwe, te ferdielen oer de ferskillende twa- of trijetallen.
- Moedigje de learlingen oan om mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net-Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.
- Brûk de teken- en skriuwles.

In moaie yllustraasje kin in gedicht fersterkje. Wurfje dêroan yn de tekenles. In gedicht kin ek oandacht lûke troch it brûken fan bysûndere letters. Dêr kin omtinken oan jûn wurde yn de skriuwles.

- Meitsje fan de gedichten dy't de learlingen skreaun hawwe posters. Hingje de poëzyposters op yn de skoalle of yn de buert.
- Lês foar út ferskillende gedichtebondels om de learlingen bekend te meitsjen mei ferskillende soarten gedichten. Bygelyks út 'Leafst bin ik in fûgel' fan ferskate dichters, 'Ik ek fan dy' fan Baukje Wytsma of 'Tsjilp' fan Eppie Dam.

Evaluasje

In de stappen 2 en 5 kin it observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' ynset wurde. It observaasjeinstrumint is te finen by dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Projekten

Ik hâld fan de seizoenen

Hantleidinging foar de learkrêft

In jier is ferdield yn fjouwer seizoenen. Elk seizoen hat syn eigen skaaimerken. Yn dizze opdracht tinke de learlingen nei oer harren favorite seizoen en betinke watfoar klean by dat seizoen passe. Se jouwe in moadeshow mei klean dy't passe by harren favorite seizoen. Se fertelle yn it Frysk oer de klean en it seizoen.

Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

- **Sprekken**

(op wei nei) A1 - Kin him- of harsels beskriuwe

(op wei nei) A2 - Kin wat fertelle

(op wei nei) A2 - Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket.

Tarieding

- Iepenje it Projekt yn Spoar 8. Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan it wurk geane mei de opdracht foar de moadeshow. Tink by it meitsjen fan de twatallen oan de taalachtergrûn en it taalnivo fan de learlingen. Learlingen dy't harren better rêde kinne yn it Frysk, kinne learlingen dy't net sa thús binne yn it Frysk helpe by it betinken fan de presintaasjeteksten en by it oefenjen dêrfan.
- By in moadeshow giet it om it showen fan in outfit. Wêr komme de outfits wei? Is der in ferklaaikiste op skoalle of nimme de learlingen harren eigen guod mei? Is der in plak om dat guod te bewarjen? Meie de learlingen ek noch attributen meitsje foar de moadeshow?
- Tink nei oer de útfiering. Komt der ek publyk by de moadeshow? De bern fan de klasse? Bern fan oare groepen? Miskien wol publyk fan bûten? Wêr is plak genôch om de moadeshow mei publyk te hâlden? Hoe wurdt it publyk útnûge? Moat de romte oanklaaid wurde foar de moadeshow?

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.
Lês dy mei-inoar troch en praat oer de seizoenen. Wêr tinke de learlingen oan by de ferskillende seizoenen? Hawwe se in foarkar? Wêrom? Lit de learlingen ek alfêst neitinke oer de klean dy't passe by de seizoenen.
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.
Dêr fine se tips foar de tarieding fan de moadeshow. Praat mei de learlingen oer de moadeshow. Hoe giet dat, in moadeshow? De beskriuwing fan de outfits wurdt yn it Frysk dien. Dêr kinne de learlingen yn de tarieding mei oefenje.
3. Praat mei de learlingen oer de útfiering.
Wêr sil de moadeshow plakhawwe? Komt der ek publyk? Hoe wurdt dat publyk útnûge? Hoe sil de romte fan de moadeshow derút sjen?
4. Fertel de learlingen oer de planning.
Wannear en wêr meie de learlingen harren tariede op de moadeshow? Meie de learlingen materiaal fan skoalle brûke? Wannear moat de tarieding klear wêze?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it kiezen fan materialen, it betinken fan in moaie tekst by de outfit of it oefenjen fan de tekst.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskatoefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Hâld de moadeshow.
Untfang eventueel it publyk dat nei de moadeshow komt. De learlingen litte om beurten harren outfits sjen en fertelle dêroer yn it Frysk.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.
Hoe is it gien? Praat mei-inoar oer de folgjende fragen:
Hoe wie it om in moadeshow te rinnen?
Hoe wie it om inoars outfit te omskriuwen? Koene jim de goede Frykse wurden fine?
Pasten de omskriuwingen goed by de outfits?
Watfoar seizoen hie de measte modellen?
Wiene der bysûndere outfits en omskriuwingen by?
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt yn Spoar 8. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

Differinsjaasje

- Foar learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk kin it handich wêze om yn de klasse in oantal wurden dy't mei seizoenen en klean te meitsjen hawwe, wat ekstra oandacht te jaan. Dat kin bygelyks troch wurdkaarten op te hingjen of in wurdweb te meitsjen.
- De learlingen meitsje in omskriuwing by de outfits. Stel hegere of legere easken oan de omskriuwing. Mear eigenskipswurden meitsje de tekst bygelyks kompleks, mar litte mear sjen fan wat in learling derfan fynt. Fertelle de learlingen allinne wat 'it model' oan hat? Fertelle se wêrom't se fine dat it past by it favorite seizoen? Lêze de learlingen foar of fertelle se harren ferhaal út 'e holle?
- As learlingen it dreech fine om in tekst te betinken, oefenje dan mei standert 'moadeshow-sinnen', lykas: 'Dames en hearen, hjir sjogge jim ', 'Us model draacht in <...> en in <...>' 'Oan 'e fuotten hat hy/sy <...>', 'Dizze outfit is perfekt foar <...>', 'Jou him/har in lûd applaus!'. Fansels binne learlingen frij om harren eigen teksten te betinken.
- De learlingen fertelle yn it Frysk. It ferhaal dat sy hâlde, kinne sy opskriuwe en foarlêze of út 'e holle fertelle. De skreaune tekst hoecht foar de presintaasje fan de moadeshow net Frysk sûnder fouten te wêzen. Wolle jim tagelyk wurkje oan skriuwoelen? Besteegje dan ek oandacht oan de skreaune tekst. Miskien kin de tekst, mei in foto fan it model, wol in plakje krije yn de nijsbrief of op it prikboerd fan de skoalle.

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

It observaasjeinstrumint 'Mûnlinge presintaasje' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan presintearjen yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt yn Spoar 8.

Stavering en skriuwen

De letter g

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter g hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de g hearre binne:

- In Frysk wurd begjint noait mei ch, mar altyd mei in g.
- In wurdliid (klankgroep) begjint altyd mei in g.
- Foar de d komt noait ch, mar altyd in g.
- Foar -je skriuwe wy yn in tiidwurd altyd in g.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letter g'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regels. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letters g

grave	gers
fûgel	argyf
doogde	mage
weagje	freegje
graan	gaos

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

Bartele bûse

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze (in part fan) it boek 'Bartele Bûse' fan Berber van der Geest, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan dit boek 'Bartele Bûse'. De lêskonsulint fan de biblioteek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: Bartele Bûse' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te

brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?

- Taalstipe

Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.

- Meartalichheid

Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy it wurden út it boek ek yn harren thústaal kenne. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen. Lit de learlingen sels in wurdlist meitsje mei wurden út it boek.

Projekten

Dit is myn sport

Hantlieding foar de learkrêft

Der binne in hiel soad ferskillende sporten. Yn de projektopdracht by dit tema geane de learlingen yn petear oer ferskillende sporten. Se betinke yn it foar wat se witte wolle en prate dêr yn it Frysk oer.

Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

- **Yn Petear**
(op wei nei) A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan
(op wei nei) A1 - Kin dúdlik meitsje wannear't hy/sy wat net begrypt en freegje wat de oar bedoelt
(op wei nei) A2 - Kin persoanlike ynformaasje freegje of jaan

Tarieding

- Iepenje dit Projekt yn Spoar 8. Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen. By 'Ekstra' yn dit projekt fynst filmkes oer ferskillende sporten en de 'Helpkaart – Ynterviewe'. Dy kin learlingen helpe om nijsgjirrige fragen te betinken foar harren klasgenoaten.
- Yn de Projektopdracht prate de learlingen yn groepkes oer ferskillende sporten. Tink nei oer de sporten. As der in ferskaat oan sporten beoefene wurdt yn de klasse, dan kinne learlingen yn petear gean oer inoars sporten. Binne der bygelyks in hiel soad fuotballers yn de klasse, dan is dy foarm lykwols minder ynteressant. Skriuw dan bygelyks in list mei sporten op it boerd en lit de learlingen ien útkieze dêr't sy wol wat fan witte en/of dêr't sy ynformaasje oer opsykje moatte. Sy wurde dan 'ekspert' foar dy sport yn harren groepke.
- Tink nei oer de gearstalling fan de groepkes. Yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo kinne de net-Frysktalige learlingen steun hawwe oan de Frysktalige learlingen.

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.
Lês dy mei-inoar troch en praat oer sporten. Dogge de learlingen oan sport? Lykje sporten opelkoar?
2. Ferdiel de sporten.
De learlingen geane yn groepkes yn petear oer sporten. Ferdiel de klasse sa, dat der foar elke sport ien 'ekspert' per groepke is. Lit de learlingen in sport kieze dêr't sy 'ekspert' yn binne. Dat kin harren eigen sport wêze of in sport dy't se keazen hawwe út in listje mei sporten. Yn dat lêste gefal is de sport miskien wat ûnbekender foar de learling en moat dy him yn de tarieding op it petear ferdjipje yn de sport.

3. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.
Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht. It kin handich wêze om mei de learlingen de 'Helpkaart: Ynterviewe' troch te lêzen. Fertel de learlingen dat sy ek neitinke moatte oer harren eigen sport. Soene sy de fragen dy't sy sels betocht hawwe ek beäntwurdzje kinne foar harren eigen sport? Hoe kinne se oan ynformaasje oer de eigen sport komme?
4. Meitsje ôfspraken oer de planning.
Wannear moatte de fragen klear wêze?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it sykjen fan ynformaasje oer harren eigen sport en it betinken fan nijsgjirrige iepen fragen. Skriuwe se de fragen op yn it Frysk? Wiis de learlingen dan op it wurdboek rjochtsboppe yn it skerm, dat brûkt wurde kin by drege wurden. Foar it betinken fan goede fragen kin de 'Helpkaart: Ynterviewe' helpe. Dy is te finen yn de map 'Ekstra' by dit projekt.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk.
7. Hâld de petearen.
Yn de groepkes stelle de learlingen inoar fragen oer de ferskillende sporten. Stimulearje de learlingen om it Frysk fêst te hâlden yn it petear. As Frysktalige bern it Frysk fêsthâlde, stimulearret dat net-Frysktalige bern om it Frysk ek te brûken en wurkje se tagelyk oan it ferstean fan it Frysk.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

Differinsjaasje

- De learlingen geane mei-inoar yn petear oer ferskillende sporten. As der in soad learlingen op deselde sport sitte en dus 'ekspert' binne op it gebiet fan dy sport, dan is it oan te rieden om in listje fan ferskillende oare sporten te meitsjen en de learlingen dêrút kieze te litten. Sy sille dan wol wat mear tiid krije moatte om harren te ferdjipjen yn dy sport. As der learlingen binne dy't it Frysk minder goed machtich binne, kin derfoar keazen wurde om dy learlingen fertelle te litten oer harren eigen sport. Dan kinne sy harren foaral rjochtsje op it Frysk en hoege se minder muoite te dwaan om ek noch 'ekspert' te wurden op it mêd fan in (foar harren) minder bekende sport.
- It petear is yn it Frysk. Moedigje learlingen oan om it Frysk te brûken. Foar learlingen dy't muoite hawwe mei it Frysk praten kin derfoar keazen wurde dat sy harren fragen (dy't foarôf betocht en opskreaun binne) yn it Frysk stelle, mar dat sy yn it Nederlânsk antwurdzje meie op de fragen fan oaren. Stimulearje de Frysktalige learlingen om it Frysk fêst te hâlden, ek as in klasgenoat oergiet op it Nederlânsk.

- De learlingen betinke wat sy witte wolle oer in sport. Dy fragen kinne yn it Frysk opskreaun wurde. Der kin ek foar keazen wurde om de fragen yn it Nederlânsk op te skriuwen. It petear is wol yn it Frysk.
- Yn de gymnastykles kin ek oandacht jûn wurde oan de sporten. De 'eksperts' kinne dêr fêst wat oer útlizze.

Evaluasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolge. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt yn Spoar 8.

De observaasjeinstruminten 'Mûnling oerlis – yndividuele learling' en 'Mûnling oerlis – de groep' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan oerlizzen yn kaart te bringen. Dy observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

De letters ch

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter CH hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de CH hearre binne:

- In Frysk wurd hat op de ein noait in g mar altyd ch.
- Foar de t komt noait in g, mar altyd ch.
- Foar de s komt noait in g, mar altyd ch.
- Foar -je skriuwe wy yn in ferlytsingswurd altyd ch.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters CH'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.
- Learlingen dy't ekstra wurk dwaan wolle, kinne de les S en Z meitsje. Dêr leare de learlingen oer de s en z yn 'e midden fan in wurd.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letters CH

baarch	baarchje
rêch	flachje
prachtich	dochst
soarch	hoechst
ticht	fraach

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Taalaktiviteiten

Allegear famylje

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen prate en lêze oer famyljes en tekenje dy.

Tiidpaad

50 minuten.

Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen lêze koarte teksten en helje dêr ynformaasje út oer famyljes, om dy te tekenjen (Lêzen/A1/Kin ienfâldige berjochten begripe en Lêzen/A2/Kin fiksje en literatuer belibjend lêze).
- De learlingen prate mei-inoar oer harren famylje (Yn Petear/A1/Kin ynformaasje freegje of jaan en Yn Petear/A2/Kin persoanlike ynformaasje freegje of jaan).

Tarieding

- Tink alfêst nei oer alderhande famyljes. Hoe sjocht de eigen famylje derút? Ut watfoar gesinnen/famyljes komme de bern yn de klasse? Nim as dat mooglik is in foto mei fan de eigen famylje of fan it eigen gesin om te brûken by de yntroduksje fan de taalaktiviteit.
- Gean op syk nei it boek 'It grutte famyljeboek' fan Felicity Brooks. Dat boek giet oer famyljes yn alderlei soarten en maten. It is in ienfâldich boek en yn earste ynstânsje net bedoeld foar bern yn de boppebou, mar yn it boek komme in hiel soad famyljerelaasjes en 'famyljewurden' oan 'e oarder. Dat boek kin helpe yn it petear oer famyljes en by it lêzen fan de teksten by dizze taalaktiviteit.
- Lês de teksten dy't by dizze taalaktiviteit hearre en kies nivo *, ** of *** foar de learlingen yn jim groep. Teksten by nivo * binne ienfâldich en de nedige ynformaasje is flot te finen. Teksten by nivo ** binne wat langer en de famyljerelaasjes moatte út it ferhaal helle wurde. De teksten fan nivo *** komme út Fryske jeugdboeken. De ynformaasje oer de famylje wurdt net eksplisyt jûn.
- Tink nei oer de opdracht: kieze de learlingen ien tekst út en tekenje se dy famylje? Of tekenje sy de famyljes by meardere teksten?

Beskriuwing

Yntroduksje fan it ûnderwerp.

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.

Famyljes binne der yn soarten en maten. Fertel wat oer de eigen famylje en lit eventueel in foto sjen. Praat mei de learlingen oer harren famyljes. Dat kin mei de hiele klasse, mar der kin ek foar keazen wurde om dêr yn lytsere groepkes oer yn petear te gean. Lykje de famyljes fan de learlingen opelkoar? Standert prate wy faak oer gesinnen mei in heit en in mem. Mar hawwe alle famyljes in heit en in mem? Binne der learlingen dy't in bysûndere famylje hawwe? Meitsje mei de learlingen in wurdweb mei nammen fan famyljeleden. Yn 'It grutte famyljeboek' steane in hiel soad fan dy nammen. Watfoar (Fryske) nammen kenne de learlingen al? Binne der ek ferskillende nammen foar deselde persoanen (tink oan 'âlde beppe', 'oerbeppe' of 'omi'). Hearre húsdieren ek by de famylje?

2. Utlis fan de aktiviteit.

Fertel de learlingen dat sy in pear teksten lêze sille. Yn dy teksten moatte sy op syk gean nei de famylje fan de haadpersoan. Dy famylje sille se tekenje.

3. It lêzen fan de teksten.

Lit de keazen teksten lêze troch de learlingen. De learlingen kinne de tekst yndividueel lêze of der kin keazen wurde foar twatallen of groepkes dy't mei-inoar de teksten trochlêze. Lit de learlingen ûnder it lêzen al opfallende dingen oanstreekje of opskriuwe. Bygelyks wurden dy't se net goed begripe of famyljeleden dy't se ûnder it lêzen al fine yn de teksten. Praat nei it lêzen oer de dingen dy't de learlingen opfallen binne. Praat ek oer de famyljes: lykje se op de famylje fan de learlingen?

4. De learlingen tekenje de famyljes.

Lit de learlingen ien tekst kieze om by te tekenjen of lit se tekenje by meardere of alle teksten.

5. Besprek de opdracht nei.

Besjoch mei-inoar de tekeningen. Lykje de tekeningen dy't makke binne by deselde teksten ek opelkoar? Wêryn wol en wêryn net? Hoe kin dat? As de learlingen de tekst kieze mochten: wêrom ha se keazen foar dy tekst? Witte de learlingen de Fryske nammen fan de famyljeleden noch?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo *: De learlingen geane mei-inoar yn petear oer famyljes. Se lêze ienfâldige teksten oer famyljes en tekenje dy. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: De learlingen geane mei-inoar yn petear oer famyljes. Se lêze wat kompleksere teksten en tekenje dêrby. Der wurdt dan ek wurke oan it doel Lêzen/A2/ Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje fine dy't hy/sy nedich hat.
- Nivo ***: De learlingen geane yn petear oer famyljes en lêze fragminten dy't út Fryske jeugdboeken komme en tekenje dêrby. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek wurke oan Lêzen/B1/ Kin fiksje en literatuer werkennend lêze.

Besjoch per learling op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne. As de learlingen mei-inoar lêze meie en mei-inoar oer de tekst prate meie, kin in wat dregere tekst dochs begrepen wurde.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

De taalaktiviteit kin keppele wurde oan doelen foar tekenjen. Stel bygelyks easken oan de tekene minsken. Dan giet it net allinne mear om it finen fan ynformaasje yn de tekst, mar ek oer it neitinken oer bygelyks ferhâldingen fan it lichem of de foarm fan in gesicht.

Mei dizze taalaktiviteit wurdt ek wurke oan doelen op it mêd fan sosjaal-emosjonele ûntwikkeling en sels filosofy. Learlingen tinke nei oer harren eigen situaasje: wa binne sy, hoe sjocht harren famylje derút en hoe is dat by oaren? Is it iene better of gewoaner as it oare? Wat is 'gewoan'?

Mear lêze? De fragminten dy't brûkt wurde op nivo *** komme út de boeken 'Dingeman krijt wjukken' fan Eppie Dam, 'It Spûkskip' fan Lida Dykstra en 'Jesse' fan Mindert Wijnstra. Sykje de boeken op yn de (skoal)biblioteek en lis se op de lêstafel foar learlingen om sels te lêzen of lêse (ien fan) de boeken foar.

Evaluasje

De observaasjeinstruminten 'mûnling oerlis – yndividuele learling' en 'mûnling oerlis – de groep' kinne by stap 1 en 3 ynset wurde.

De observaasjeinstruminten binne te finen by 'Evaluasje'.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Projekten

Wêr boarten pake en beppe mei?

Hantlieding foar de learkrêft

Der binne in hiel soad ferskillende sporten. Yn de projektopdracht by dit tema geane de learlingen yn petear oer ferskillende sporten. Se betinke yn it foar wat se witte wolle en prate dêr yn it Frysk oer.

Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit projekt. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

Skriuwen

- (op wei nei) A2 Fertelle - Kin biografyske feiten werjaan
- (op wei nei) A2 Beskriuwe/ferklearje - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn
- (op wei nei) B1 Fertelle - Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe
- (op wei nei) B1 Beskriuwe/ferklearje - Kin feitlike ynformaasje gearfetsje

Tarieding

- Klik troch de projektopdracht en de nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Kies foar yndividueel of yn groepkes fan twa of trije. As der keazen wurdt foar groepkes, ferdiel dan de klasse yn heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. By it meitsjen fan de groepkes kin ek rekken holden wurde mei learlingen sûnder pake of beppe (yn 'e buert) en learlingen dy't wol maklik mei harren pake of beppe yn petear gean kinne.
- Foar de start fan it projekt is it aardich om sels (in ôfbylding fan) âld boartersguod mei te nimmen en dêr mei de learlingen oer te praten. Yn de wurdlist en yn de map 'Ekstra' by dit projekt binne in oantal ôfbyldingen fan âld boartersguod te finen, mar 'echt' boartersguod foeget seker wat ta. Yn de map 'Ekstra' stiet ek in link nei it YouTube-kanaal fan it Frysk Film Argyf. Op dat kanaal binne âlde films te finen út de tiid fan pake en beppe. Miskien is der wol in film oer jim doarp of stêd by.
- Betink hoe't de learlingen harren tekst presintearje. Meitsje se de tekst digitaal en printsje se dat yn syn gehiel út? Of skriuwe se de tekst sels en plakke se tekst en ôfbylding op in (kleurd) fel papier? Of in kombinaasje fan dy beiden?
- Tink nei oer de presintaasje. Is dy allinne foar de klasse? Of meie de pakes en beppes bygelyks ek komme te sjen? Hoe wurde de pakes en beppes (en evt. oare gasten) útnûge?

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan dizze projektopdracht. Lês dy mei-inoar troch en praat mei de learlingen oer boartersguod fan froeger. Wat witte se dêr al fan? Lit ek it meinommen boartersguod of de ôfbylding dêrfan sjen.

2. Praat mei de learlingen oer de opdracht.
Mei wa sille se de opdracht dwaan? Ha se al in idee oer wa't se freegje sille nei it boartersguod? Praat dêr mei-inoar oer, dat kin helpe om learlingen op ideeën te bringen.
3. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de projektopdracht.
Dêr fine se tips foar fragen en foar it sammeljen fan ynformaasje.
4. Fertel de learlingen hoe't harren einprodukt der aanst útsjen moat. Wurdt it in tentoanstelling?
5. Meitsje ôfspraken oer de planning. Wannear moat it allegear klear wêze?
6. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it tarieden fan it petear mei pake of beppe (fragen betinke), it sykjen fan in ôfbylding en it skriuwen fan de Fryske tekst. Wiis de learlingen op it wurdboek rjochtsboppe yn byld dat brûkt wurde kin by drege wurden. Foar it betinken fan goede fragen kin de 'Helpkaart : Ynterviewe' helpe. Dy is te finen yn de map 'Ekstra' by dit projekt.
7. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk.
8. Fier de projektopdracht út.
Skriuw de teksten, meitsje se klear om te presintearjen. Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane de oandachtspunten nochris byelkoar. Presintearje de teksten oer it boartersguod, eventueel ek oan publyk.
9. Praat nei de útfiering oer de opdracht.
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
10. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.
De selsevaluaasjes binne te finen nei de 'Utfiering' yn de Projektopdracht.

Differinsjaasje

- Lit de learlingen de opdracht yndividueel dwaan of lit se yn twatallen wurkje. Learlingen dy't net-Frysktalich binne, kinne yn de twatallen steun ha oan de Frysktalige learlingen.
- De opdracht is it skriuwen fan in Fryske tekst. Meitsje it betinken fan de tekst makliker troch in oantal koarte standertfragen op te stellen, dêr't de learlingen antwurd op jaan moatte. Foarbylden fan sokke fragen: Hoe hjit it boartersguod? Wêr is it fan makke? Wêr boarte pake of beppe mei dit boartersguod? Wêr kaam it boartersguod wei? Mei hoefolle bern koest mei it boartersguod boartsje? Wat wiene de regels fan it spultsje? Ensfh. As antwurd op dy fragen kinne de learlingen dan koarte sinnen skriuwe yn it Frysk.
- Bytsje dreger: de opdracht is it skriuwen fan in Fryske tekst. Stimulearje de learlingen om fan it antwurd op harren fragen in ferhaaltsje te meitsjen mei pake of beppe yn de haadrol.
- Moedigje de learlingen oan om harren fragen oan pake of beppe yn it Frysk te stellen en mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Frysktalige learlingen kinne learlingen dy't net-Frysktalich binne, sa op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.

- Foar learlingen en/of pakes en beppes dy't it Frysk net machtich binne (of it bygelyks dreech fine om persoanlike herinneringen te dielen yn it Frysk of flugge oantekeningen te meitsjen yn it Frysk), kin it Nederlânsk (of in oare taal) helpe by it hâlden fan it ynterview. De útwurking fan it ynterview is wol yn it Frysk.
- De learlingen wurkje oan de skriuwoelen yn it rrF. As der binnen it profyl fan jim skoalle noch gjin easken oan skriuwoelen steld wurde, dan kin derfoar keazen wurde om de teksten yn it Nederlânsk te skriuwen. Yn dat gefal wurkje de learlingen net oan de Fryske skriuwoelen dy't yn dizze les beskreaun wurde en sille dy doelen dus ek net behelle wurde kinne. Wol binne de learlingen dan dwaande mei doelen op it mêd fan skiednis en kultuer. Jim kinne der fansels ek foar kieze om oan jim ambysjes te wurkjen en de learlingen út te daagjen om de teksten yn it Frysk te skriuwen as dat kin.

Evaluasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje.

It observaasjeinstrumint 'Skriftlik ferslach' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan it skriuwen fan in tekst yn kaart te bringen. Dy observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

De letters ú en u

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter CH hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de ú hearre binne:

- Wy skriuwe in ú as er opsletten sit.
- In iepen u ferliest syn streekje.
- Oan 'e ein fan in wurd krijst altyd in u.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters ú en u'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letters ú en u

nút	krús
tún	menu
thús	akku
skrutten	tút
druven	buro

By it skriuwen fan teksten

De skriuwo opdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwo opdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Taalaktiviteiten

Kribelbisten

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen leare oer ynsekten en oare kribelbisten yn 'e tún en dogge in Biste-wa-bin-ik-spultsje.

Tiidpaad

50 - 60 minuten.

Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen sjogge nei in fragmint út Tsjek oer ynsekten en oare lytse bisten yn 'e tún (Harkjen/A2/Kin begripe wêr't Friezen dy't mei-inoar prate it oer hawwe en Harkjen/B1/Kin in beskriuwing begripe).
- De learlingen prate oer lytse bisten yn 'e tún en wêrom't dy belangryk binne. Se leare ferskillende lytse bisten kennen en dogge in spultsje oer dy lytse bisten (Yn petear/A1/Kin dúdlik meitsje wannear't hy/sy wat net begrypt en freegje wat de oar bedoelt, Yn petear/A1/Kin ynformaasje freegje of jaan en Yn petear/A2/Kin in oar oanwizingen jaan).

Tarieding

- Gean foar de yntroduksje fan dizze taalaktiviteit op syk nei lytse bisten yn 'e tún. Nim se mei yn 'e klasse. Dat kin de learkrêft dwaan, mar it kin ek in opdracht foar de learlingen wêze foar de start fan dizze taalaktiviteit. Soargje dat de bistkes net ûntsnappe kinne, en soargje foar foldwaande lucht. Brûk bygelyks in trochsichtich potsje mei foly deroerhinne. Prik in pear gatsjes yn de foly.
- Lês de beskriuwing en 'differinsjaasje' by dizze taalaktiviteit en kies nivo *, ** of *** foar de learlingen yn jim groep. Op nivo * geane de learlingen allinne yn petear, op nivo ** komt dêr in bytsje lêzen by en op nivo *** skriuwe de learlingen sels koarte ynformaasje. Besjoch alfêst de helpblêden by de taalaktiviteit om te bepalen watfoar materialen geskikt binne foar jim groep.
- Tink alfêst nei oer (nammen fan) lytse bisten dy't brûkt wurde kinne foar it spultsje. De wurdlist kin dêrby helpe. Foar it spultsje binne ek bryfkes mei in plakrântsje nedich.
- Sykje foar achtergrûnynformaasje wat boeken oer lytse bisten. Fryske boeken oer dit tema: 'Pykje Fjouwer' en 'Ik hâld fan Pod' fan Lida Dykstra en 'It Bijboek' fan Charlotte Milner. Der kinne ek Nederlânsk- of oarstalige ynformaasjeboarnen brûkt wurde. It spultsje wurdt spile yn it Frysk.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.
Praat mei de learlingen oer de lytse bisten. Wat witte se dêrfan? Binne alle lytse bisten ynsekten? Wat binne de kenmerken fan ynsekten? Wêr kinst lytse bisten fine?
2. Besjoch de filmkes.
Besjoch mei de learlingen ien of mear filmkes oer ynsekten en lytse bisten. Yn de filmkes wurdt ferteld dat lytse bisten belangryk binne. Wat fine de learlingen dêrfan? Praat mei de learlingen oer de bisten.
3. Lear oer de lytse bisten.
Meitsje in list mei Fryske nammen fan lytse bisten. De wurdlist 'kribelbisten' kin dêrby helpe, mar miskien witte de learlingen noch wol mear nammen. Witte jim de Fryske namme net? Sykje dy op yn it wurdboek (bgl. op www.frysker.nl).
Praat ek oer hoe't de bisten derútsjogge, wat de lytse bisten dogge en wêr't de lytse bisten te finen binne. Hawwe jim lytse bisten meinommen yn 'e klasse? Besjoch se goed en gean op syk nei de bysûndere kenmerken fan de bisten. Undersykje hoefolle poaten se hawwe, oft se wol of gjin wjukken hawwe, watfoar bysûndere keunsten se kinne, hoe't harren fel derútsjocht (sêft, rûch, glibberich), ensfh. Praat dêroer yn it Frysk.
As jim wurkje op nivo ** of ***, kinne no de koarte teksten oer de bisten lêzen wurde. Dy binne te finen by 'De taalaktiviteit en by 'Ekstra'. Lit foar nivo *** de learlingen oer alle lytse bisten in kaartsje ynfolje ('Ynfokaartsjes Kribelbisten' by 'De taalaktiviteit'.)
4. Spylje it spultsje.
Sa wurket 'Biste-wa-bin-ik': alle learlingen krije in plakbryfke op 'e holle plakt (It bryfke kin ek op 'e rêch plakt wurde). Soargje derfoar dat de learling it bryfke net lêze kin. Op it bryfke stiet de Fryske namme fan in lyts bist. De learling moat útfine watfoar bist der op it bryfke stiet. De learling mei yn it Frysk fragen stelle dy't mei 'ja' of 'nee' beäntwurde wurde kinne. Foarbylden fan fragen: 'Ha ik seis poaten?', 'Kin ik fleane?', 'Hâld ik fan blommen?', 'Kin ik stekke?', ensfh. Betink eventueel foarôf in oantal fragen mei de learlingen. As it lestich is om te rieden, kinne learlingen dy't op nivo *** wurke hawwe, de ynformaasjekaartsjes besjen. As it dan noch net slagget, meie de oare learlingen oanwizingen jaan. As alle bisten ret binne, is it spultsje ôfrûn. As der mear nammen fan bisten binne as learlingen, kinne de learlingen ek faker in bryfke krije.
5. Besprek de opdracht nei.
Hoe wie it om sa'n Frysk spultsje te dwaan? Slagge it om fragen te betinken en dy yn it Frysk te stellen? Koene de learlingen de bisten riede? Witte de learlingen de Fryske nammen fan de bisten noch?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Hoe mear stjerkes it nivo, hoe mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo *: De learlingen sjogge en lústerje nei it Tsjek-fragmint oer ynsekten, se leare oer ynsekten en lytse bisten en spylje 'Biste-wa-bin-ik'. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: De learlingen sjogge nei it filmke, leare oer de lytse bisten en lêze dêr in pear koarte teksten oer. Der wurdt dan ek wurke oan de doelen: Lêzen/B1/Kin de belangrike punten begripe en Lêzen/A2/Kin de belangrykste ynformaasje begripe ('wêr giet it oer?').
- Nivo ***: De learlingen sjogge nei it filmke, leare oer de lytse bisten, spylje it spultsje en skriuwe koarte kaartsjes oer de bisten. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek wurke oan: Skriuwen/A2/Kin in standertformulier ynfolje.

Besjoch foar jim groep op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne. As de learlingen mei-inoar lêze meie en mei-inoar oer de tekst prate meie, kin in wat dregere tekst dochs begrepen wurde. Mei de Fryske teksten derby kin in koarte tekst makliker skreaun wurde.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dy't it lestich fine om foar it spultsje fragen yn it Frysk te betinken, kinne foarôf mei-inoar alfêst in pear moogike fragen betocht en oefene wurde.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

De taalaktiviteit kin keppele wurde oan oare fakken. Slút bygelyks oan by doelen foar natuer- en technykûnderwiis of kreative fakken. Meitsje mei de learlingen in ynsektehotel foar yn 'e tún of lit de learlingen hiel sekuer nei de lytse bisten sjen en lit se dêr in tekening fan meitsje. Skriuw dêr fansels de Fryske namme fan it bist by.

Evaluaasje

De observaasjeinstruminten 'mûnling oerlis – yndividuele learling' en 'mûnling oerlis – de groep' kinne by stap 3 en 4 ynset wurde. De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Lêsbegryp Eintoets A2.1

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Lêsbegryptoetsen krigest grip op de Fryske lêsbegrypfeardigens. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

Foar wa?

- Foar groep 5 o/m 8 yn it basisûnderwiis is der in Starttoets, Eintoets en opsjonele Tuskentoets. De toetsen slute oan by de referinsjenivo's A2.1 o/m B1.2 út it referinsjeramt Frysk.

Organisaasje

Nim de A2.1 Eintoets foar groep 5 ôf oan de ein fan it skoaljier. De toets tsjinnet as einmjitting om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen en is kwa dregens ferlykber mei de Starttoets.

De toets duorret 30 minuten en bestiet út twa teksten mei yn totaal sa'n 20 fragen.

Evaluaasje

In skoare tusken de 58% en 78% jout oan dat in learling it nivo fan de toets behearsket.

Stavering en skriuwen

De letters û en oe

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter û en oehearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de ú hearre binne:

- Wy skriuwe it oe-lûd mei in û.
- As it Nederlânske wurd oe hat, skriuwe wy yn it Frysk ek in oe.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters û en oe'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letters û en oe

tûke	boek
mûs	poetse
hûn	koek
grûn	toets
kompjûter	doek

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.